



PARSEBERJOCHT

Nûmer: 034 KV
Datum: 2 april 2024

Subsydzjeregeling foar Frysk ûnderwiis opnij iepen

Alle skoallen yn Fryslân kinne fan 9 april oant en mei 1 oktober 2024 subsydzje oanfrege foar it fuortsterkjen fan de posysje fan de Fryske taal en kultuer. Der is €600.000,- beskikber, op is op. De subsydzjeregeling is ûnderdiel fan it projekt Taalplan Frysk 2030.

Deputearre Eke Folkerts: *“Mei de subsydzjeregeling Frysk foar no en letter kinne skoallen ekstra stipe krije foar it útfieren fan harren ambysjes foar it Frysk. Wy ynvestearje mei Taalplan Frysk 2030 yn de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op alle skoallen en alle ûnderwiisnivo’s.”*

Frysk foar no en letter

Alle ûnderwiissectoaren komme yn oanmerking foar subsydzje: berne-opfanglokaasjes, primêr en fuortset ûnderwiis, mbû, hbû, wû en spesjaal ûnderwiis. Der kin subsydzje oanfrege wurde foar fjouwer kategoryen: Skoalling of neiskoalling, Les- en lêsmateriaal, Kultueredukaasje en Frijroasterjen. In skoalle kin de kategory ien kear in oanfraach dwaan yn dizze perioade. De subsydzjeregeling bestiet sûnt 2021 en giet yn april foar de fyfde kear iepen. Skoallen witte de regeling goed te finen: ferline jier gong de regeling trije moanne earder ticht, omdat it maksimumbedrach berikt wie. Yn 2023 wie €400.000,- beskikber.

Taalplan Frysk 2030

It projekt Taalplan Frysk 2030 wurket oan de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op alle skoallen en alle ûnderwiisnivo’s. De provinsje set him dêrfoar yn mei taal- en ûnderwiisinstellingen Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk, NHL Stenden Hogeschool, Omrop Fryslân, ûnderwiisburo Semko en Sintrum Frysktalige Berne-opfang (SFBO).

Mear oer de subsydzjeregeling: www.fryslan.fr/fryskfoarnoenletter

Mear oer Taalplan Frysk 2030: www.taalplan.fr



PERSBERICHT

Nummer: 034 KV
Datum: 2 april 2024

Subsidieregeling voor Fries onderwijs opnieuw open

Alle scholen in Fryslân kunnen van 9 april tot en met 1 oktober 2024 subsidie aanvragen voor het versterken van de positie van de Friese taal en cultuur. Er is €600.000,- beschikbaar, op is op. De subsidieregeling is onderdeel van het project Taalplan Frysk 2030.

Gedeputeerde Eke Folkerts: “*Mei de subsydzjeregeling Frysk foar no en letter kinne skoallen ekstra stipe krije foar it útfieren fan harren ambysjes foar it Frysk. Wy ynvestearje mei Taalplan Frysk 2030 yn de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op alle skoallen en alle ûnderwiisnivo's.*”

Frysk foar no en letter

Alle onderwijssectoren komen in aanmerking voor subsidie: kinderopvanglocaties, primair en voortgezet onderwijs, mbo, hbo, vwo en speciaal onderwijs. Er kan subsidie worden aangevraagd voor vier categorieën: Scholing of nascholing, Les- en leesmateriaal, Cultuureducatie en Vrijroosteren. Een school kan per categorie één keer een aanvraag doen in deze periode. De subsidieregeling bestaat sinds 2021 en gaat in april voor de vijfde keer open. Scholen weten de regeling goed te vinden: vorig jaar ging de regeling drie maanden eerder dicht omdat het maximumbedrag bereikt was. In 2023 was €400.000,- beschikbaar.

Taalplan Frysk 2030

Het project Taalplan Frysk 2030 werkt aan de kwaliteit van Fries onderwijs op alle scholen en alle onderwijsniveaus. De provincie zet zich daarvoor in met taal- en onderwijsinstellingen Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk, NHL Stenden Hogeschool, Omrop Fryslân, Onderwijsbureau Semko en Sintrum Frysktalige Berne-opfang (SFBO).

Meer over de subsidieregeling: www.fryslan.frl/fryskfoarnoletter

Meer over Taalplan Frysk 2030: www.taalplan.frl